

'De dea fan Nico Dekema, nije detektive fan Sietse de Vries


“Hânfol moarden en literêre grienteboer”

Sn. nbd. 17/1 2000

DE HOMMERTS Yn 1998 debutearre Sietse de Vries mei syn misdiedroman *De boargemaster*. Misdied, spanning en humor binne de kaaiwurden fan dy roman. Nei it suksesfolle debút, it boek rekke samar útferkocht, komt De Vries mei syn twadde krimy: *De dea fan Nico Dekema*. Ek diskear in soad spanning, net te min humor en mar leafst fiif moarden. En dat allegear yn Fryslân.

Yn detektiveferhalen giet de haadfiguer op 'e syk nei de dieder fan 'e misdied, besiket er in antwurd te krijen op 'e fraach: wa hat it dien? Ek de lêzer wol witte wa't de misdied op syn gewisse hat en de skriuwer set him faak op 'e ferkearde foet. Koartsein der moatte puzzels oplost wurde: mei help fan bekende gegevens wurdt it ûnbekende elemint (de dieder) opspeurd.

De Vries klapt der yn syn nijste boek fuortendaliks mar goed yn. Al op 'e earste de bêste bledside wurdt de lêzer konfrontearre mei de dea fan Nico Dekema: 'In famke fan fiif jier, dat wat langer opbliuwe mocht, wie de iennichste tsjûge fan 'e dea fan Nico Dekema. In dea mei ferskrriklike gefolgen. Se hat besocht om him te rêden. Se seach in gekke man, dy't fan de iene nei de oare kant fan 'e dyk swalke. Efter de hage wei rôp se him, mar hy hearde har net. Se warskôge him foar de auto dy't der oan kaam. Om



'e nocht. Nico swaaide nei de sjauffeur en dy swaaide werom. 'Sjauffeur, sjauffeur,' rôp it famke, mar dy hearde har ek net. Doe't de gekke man midden op 'e dyk lizzen gong, raasde se dat soks hiel gefaarlik wie,

dat der wol in auto oer him hinne ride koe. Hy moast net swaaie, hy moast meitsje dat er oerein kaam. Mar it wie al te let. De auto skeat foarút en ried samar oer de gekke man hinne. Se hearde it kreakjen. It famke woe nei him ta om te him te helpen. Mar se koe net, it stek siet ticht. Allinne heit en mem koe ne it iepen krije. Se rôp: 'Mem! Mem! Mem!' (s.5)

In wol hiel pakkend begjin en meien karakteristyk foar de flotte wize fan skriuwen dy't De Vries hantearret. Is de dea fan Nico Dekema in ûngelok? Of is in doelbewuste ôfrekken? Wa is it slachtoffer mei dy adelike namme? Al gau wurdt dúdlik dat Nico Dekema, soan fan in stjonkend rike Ljouwerter moalfabrykant Quirinus Nicolaas Dekema, gjin ûnbekende is yn it haadstêdelike drugssirkwy. De link tusken de business fan syn heit en de hannel dêr't Nico him mei dwaande hâldt is like fernimstich as hilarys: hasjcake.

In ôfrekken út 'e kriminele drugsciene soe dan ek noch net sa ferwûnderlik wêze en it ûndersyk giet dan ek dy kant út. Mar der is noch in oanknopingspunt. Nico Dekema dûkte regelmjittich mei troude froulju op bêd, sadat in crime pasionel ek net bûtensletten wurde mei. En dan is der noch in jildkwestje. Nico Dekema hat f. 100.000, liend fan in stel, ferpleechkundige Diane Eisma en learaar Kees de Jong. In ton dêr't Dekema senior garant foar stie, mar as it twatal op besite giet bij de boekhâlder fan de Dekema's dan docht bli-

ken dat it noch net ienris sa ienfâldich is om it jild werom te krijen.

Der binne dus genôch motiven om Nico Dekema dea te dwaan en it sil dan ek in hiele toer wurde om ta de oplossing fan de saak te kommen. Hielendal as bliken docht dat de Ljouwerter resjzje yn 'e persoanen fan Gjalb Riemersma en Sibe van der Ham elkoar mear foar de fuotten rinne as gearwurkje. Beide plysjemannen geane oars hiel ûnprofesjoneel oan 'e slach om dizze moardsaak ta in oplossing te bringen. Sibe van der Ham docht it ûndersyk op eigen manneboet en giet finaal ûnderút as er yn 'e baas syn tiid net allinne ûnderfreget mar ek oare metoaden tapast. De saak wurdt hielendal yngwikkeld as der noch in fjouwertal minsken, dy't direkt of yndirekt kontakten mei Nico Dekema ûnderhouden, nei in oare wrâld holpen wurde. De Russise maffia giet wol hiel fier om bestellingen oan Ljouwerter kofjeshops yn it gareel te hâlden.

De beide plysjemannen binne net de iennige nuveraardige personaazjes dy't in rol yn it ferhaal spylje. Sa is der bygelyks in grienteman, mei de prachtige namme Vladimir Iljitsj Walstra. De grienteboer 'moat' boeken fan Maarten 't Hart lêze omdat ien fan syn bêste klanten, Klaske Rengers, de frou fan notaris Rengers, syn miening oer de nije 't Hart hearre wol.

Dy gesprekjes binne oars hiel komyk: 'Wat kostje de bananen?' wol Tytsje witte. De f. 3,95 dy't Vladimir neamt is har te prizich, dizze

reis kin in kilo Elstar it har wol dwaan. 'Fine jo ek net Vladimir, dat Kristien Hemmerechts wol hiel hurd oanpakt is troch de kritisy? "Pornokitsch" neamde de Volkskrant it. Dat haw ik der net yn sjoen.' (s.7) Ek de Fryske literatuer komt noch eefkes om 'e hoeke sjen: 'Vladimir giet yn in donkerreade rookstoel sitten. Hy pakt in boek fan 'e leuning en leit it op syn yndrukwekkende bûk te rêsten as wie it in lytse poppe. Sibe, dy't him op 'e bank deljout, sjocht dat it skreaun is troch in Trinus Riemersma. De namme seit him neat.' (s.44)

Oer nammen sprutsen, der komme noch al wat persoanen yn it ferhaal foar en de kop moat der dan ek goed bij om alle romanfiguren út mekoar te hâlden. Sels de skriuwer fersint him ienkear yn it ferhaal, hij neamt ferpleechkundige Diane Eisma dan Diane Vreewijk (s.40). Hawar, in slip of the computer sille we mar rekkenje.

In tige meinimmend en spannend ferhaal, net oeral like realistys, mar wol wer sa oannimlik (de lokaasje-beskriuwings binne hiel sterk!) dat ik my goed fermakke ha mei dizze twadde roman fan Sietse de Vries. Earst op side 144 wit de lêzer wa't de moard op Nico Dekema begien hat, en dy side is wol de lêste side fan it boek. It boek soe hiel goed ferfilme wurde kinne. In Fryske Baantjer op Omrop Fryslân TV?

Henk van der Veer

Hjir besprutsen Sietse de Vries, *De dea fan Nico Dekema*. Fryske Pers Boekerij, Ljouwert. Priis: f. 25,-